


Om 'e Toer 6



1722





© POSTCARDSFROM.NL



Tekening 1836 Kaartkolleksje Tresoar

Sa sleept it wat troch, oant op it lêst yn 1880 arsjitekt Albert Breunissen Troost út Snits ynskeakele wurdt om in ûntwerp foar in nije toer te meitsjen. Der is troch de tsjerkfâdij wakker tsjin oan skytskoarre, mar de boukosten fan dizze ûntwerpen wiene úteinlik te grouwélích.





Skets fan it ôfbrutsen boppestik 1881?

Kaartkolleksje Tresoar

Yn febrewaris 1881 advisearret de arsjitekt om sa gau as mooglik de toer ôf te brekken “tot op de hoogte van den naald der kerk en aldaar af te dekken met een huldak”.

Timmerman Feike Hogeterp soarget hjirfoar. En sa kriget Akkrum dan mei rjocht in stompe toer mei de ferneamde “bargerêch” (Willem Jehannes Koopmans), net heger as de naald fan de tsjerke. It wie gjin gesicht, mar it soe hiel wat fuotten yn ‘e ierde hawwe en hiel wat besprekkingen freegje, ear’t ta in nije toer besletten wurde koe.

De sinteraasje wie de stroffelstien.

Der koe gjin jild út ‘e tsjerkefûnsen jûn wurde, de gemeente woe de toer net yn eigendom oernimme en in listkollekte foar frijwillige bydragen levere in teloarstelling op. De measte Akkrumers, dêrûnder de “gegoeden” stienen der “ôf onverschillig ôf al te weinig belangstellend” tsjinoer. Dy “gegoeden” wienen “voornamelijk Doopsgezinden” en de tsjerkfâdj wie sa lil, dat se foar de “Minnisten” net mear klokliede woene.

De timmerlju Eliza W. de Jong en Feike R. Hogeterp waard opdroegen in ynspeksje út te fieren. Dy makken in ûntwerp “met opgave van de kosten van den wederopbouw des Kerktorens” sa as dominy notulearret; it sil f 7.000.- kostje moatte. Twa tsjerkfâden wolle útstelle oant novimber ta, mar ien, Jelle Oebeles Tsjitses, is dêrop tsjin. Dan komt de saak yn it kieskolleeze, dêr’t mei 19 tsjin 4 stimmen besletten wurdt ta de bou fan in nije toer oer te gean. Der wurdt in f 5.000.- oan effekten fersulvere, Tsjitses skinkt f 1.000.- en foar de oerbliuwende f 1.000.- wurdt in liening sletten. It kealle swier yn dy tiid, mar op 22 maaie 1882 mitsele Jelle Oebeles Tsjitses dan dochs de earste stien fan de nije toer mei spits, lykas op in stien boppe de toersdoar te lêzen is. Zandstra levere in nij oerwurk foar f 625.-. En sa kaam de toer yn oktober 1882 klear, koenen de klokken wer let wurde en koe de flagge op feestdagen wer fan de toer waaie. Op it fjouwerkant ûnder de spits kaam in wytferve stekje (balustrade), dat it as fersiering goed die, mar waar en wyn soargen dat it nei 40 jier wer ôfbrutsen wurde moast.

De oerlevering wol ha dat by de bou fan de toer yn 1882 troch de oannimmers in flesse yn ‘e toer bemitsle is, dêr’t wat munten út dy tiid yn bewarre binne, mei in rymke:

*“Eliza de Jong en Feike Hogeterp
Bouwdene deze toren naar eigen ontwerp”.*

Fierder moatte yn ‘e rûne bol ûnder de hoanne de folgjende rymkes oanbrocht wêze:

*“Dat de haan boven mij kwam te staan,
Dat heeft Jan Sjoukes Hidma gedaan”.³*

En it oare:

*“Van binnen ben ik niet gevuld,
Van buiten door M.Bakker verguld”.*

En ek noch :

*“Van buiten goud, van binnen hol,
Ben ik toch Akkrums grootste bol”.*

Jan Sjoukes Hidma (★ 12-10-1824 - † 13-4-1901) wie túnman yn de grutte tún njonken de toer (fan Suster van der Vegt, no fan Welgelegen) en Marten Dirks Bakker (★ 25-10-1832 - † 11-07-1910) wie ferver. Beide wennen yn Akkrum.

Dizze lêste Marten (1832) wie de pake fan de bruorren Marten [Merten] en Jehannes Bakker (ferver), dy't de âldere Akkrumers noch wol kinne sille. Dizze beide bruorren wiene de foarmjouwers fan de Stifting Akkrum Ald en Nij. Marten [Merten] hat yn de 70-er jierren ek in pear nijsgjirrige boekjes makke oar de skiednis fan ús doarp.

Jan Sjoukes Hidma (1824-1901), wie dus túnman yn de grutte tún dy't no by Welgelegen heart. Die tún is, mei it koepeltsje, yn 1795 kocht troch Suster Synes (1765-1845) en har man. Troch fererving is de tún letter yn besit kaam fan Suster van der Vegt (1841-1924), de grûnlizzer fan Welgelegen.



As Jan yn de tún dwaande wie trof er der ek Keimpina Gerrits Kuipers (1820-1902). Sy wie tsjinstfaam by Suster Synes. Suster moat wol mei har ynnommen west ha, want by har ferstjerren yn 1845 hat se har mar leafst in bedrach fan f 3.000,- neilitten (no soe dat sa'n € 70.000,- wêze). Túnman Jan en tsjinstfaam Keimpina ha fêst hiel wat tiid tegearre yn de tún omskarrele en der is grif in fonk oerslein, want yn 1850 binne se troud. Sawol Jan as Keimpina lizze no op it hôf fan Nes.

2020 foto Kees de Boer



Troch in kollekte yn it doarp hat it oerwurk yn 1970 in elektryske oandriuwing krigen. Ek is der yn dat jier oan de súdkant fan de toer in tredde wizerplaat oanbrocht, sadat de nije útwreiding fan it doarp ek sjen koe hoe let oft it wie. Ek binne alle wizerplaten fan ferljochting foarsjoen, sadat no jûns en nachts de tiid ek ôflêzen wurde kin.

De toer frege doe al ek wer ûnderhâld. Hjir en dêr rekken wat stiennen los en ek de spits waard brekfallich. Yn it earstoan waard besocht om troch reparaasjes de toer te behâlden en ek waard û.o. it lieden fan de klokken ferbean. Op 'en doer bliek lykwols dat oan in restauraasje net te ûntkommen wie; foaral nei de novimberstoarm fan 1972 stie it der faai foar. Der waarden doe buordsjes pleatst, dêr't de lju op warskôge waarden foar "vallend puin". Dêr waard in "torenfonds" ynsteld, dêr't troch frijwillige bydragen út 'e boargery frijwat jild yn stoart waard. Ek troch oare jeften (gemeente, Anjerfûns, ensfh.) waard it mooglik makke de saak yn 1974 flink oan te pakken en sa koe yn april 1975 de restaurearre toer mei spits oan de tsjerkfâdj oerdroegen wurde en liede de beide klokken wer.

1960



De tsjerkfâdij hie it ûnderste part fan de toer yn gebrûk, de gemeente brûkte de toer fierders foar it drûgjen fan de brânslangen. Yn dy jierren hat de gemeente, nei in bulte hinne en wer praterij, de toer foar it symboalyske bedrach fan f 1.- kocht fan de tsjerkfâdij.

19?? Foto Hendrik Krist

It âlde gebrûk om trije kear deis te lieden is op 'e nij ynsteld. De grutte klok hat in diameter fan 121 sm., weaget 1005 kg. en draacht as opschrift:

*Soli Deo Gloria-Marten Gerckes Jelger
En Harmens Kerck Voogden
Pieter Vermaten tot Amsterdam 1698*

De lytse klok hat in diameter fan 104 sm., weaget 667 kg. en hat, njonken de ôfbylding fan it wapen, as opschrift:

*FredRick van Sminia
gedeputeerde staten van
Vrieslant en grietman
van Utingeradeel*

Ek dizze klok wie yn 1698 getten.

Op 25 maart 1943 waarden beide klokken troch de Dútsers foardere en mei in protte oare klokken yn depot opslein yn Meppel. Nei de oarloch stie allinne de grutte klok der noch en dy is doe nei Akkrum werombrocht. Op 19 septimber 1946 is de grutte klok wer yn 'e toer ophong. Dizze klok koe no wer let wurde en dat trof moai, want by it nije kosterspear wie dy deis in soan berne.



De lytse klok wie spitigernôch fuort. Jierren letter is dy yn Harns, neidat er dêr út de see opfiske is, werom fûn. Ut it opschrift koene se ôfliede dat de klok út Akkrum kaam. Yn 1958 is er wer nei Akkrum werombrocht.

Troch alle omreizgjen hie de klok lykwols flinke skea oprûn en in ynwindige barst krigen. Troch de swiere skansearring doarden se de klok net mear te lieden en doe is er efter yn de tsjerke te pronk set.

Dochs waard de lytse klok wol mist. Dêrom waard by de restauraasje fan de toer yn 1974 besletten it plak fan dizze klok ynnimme te litten troch in "twaddehânske" klok út de eardere Sint-Jozephkerk yn De Haach, dy't frijwol it selde lûd hie.

By de restauraasje fan de tsjerke yn 1999 is de âlde lytse klok, as symboal foar it út ein setten fan it wurk, yn in trijepoat njonken de tsjerke hong.

2010 foto Kees de Boer

Yn it jier 2010 is it eigendom fan de toer, mei noch sân oare ryksmonuminten fan de gemeente, oergien nei de nij oprjochte "Monumentenstichting Boarnsterhim". Der wie doe noch al wat efterstallich ûnderhâld. Troch de beheinde finansjele mooglikheden koene yn 2013 allinne de dakgoaten, it foechwurk en de wizerplaten fan de toerklokken opknapt wurde. Wol is yn dat jier op de westkant fan de toer, yn de besteande útsparring yn it mitselwurk hjirfoar, in fjirde wizerplaat oanbrocht, sadat jo no fan alle kanten de tiid ôflêze kinne.



Hjoeddeistige tsjerketoer tekening Monumentenstichting Boarnsterhim



Troch finansjele stipe fan ryk, provinsje, gemeente en ferskate fûnsen koe lang om let yn 2020 it dak fan de toer goed opknapt wurde. Gâns houtwurk wie ferrotte en ek it laaitek is alhiel fernijd. Rustige ankers binne konservearre, parten foechwurk fernijd en alle houtwurk is ferve.

Fan it krús op 'e toer binne doe ek de hoanne en de bol op 'e nij fergulde. Nijsgjirrich is dat de restaurateur hjirfan, Klaes Posthuma, doe tsjinoer de toer op it Heechen nr. 50 wenne.



De yn 1882 skreaune rymkes yn de rûne bol kamen mei dy restauraasje ek wer foar it ljocht. Troch de tiid hinne wiene wol stikken tekst ferdwûn, mar mei help fan de omskriuwing fan Merten Bakker (pakesizzer fan de M. Bakker út 1882) út de 70er jierren fan de foarige iuw koe ien en oar weromhelle wurde.

De krekte ferskes binne:

*“Van buiten goud, van binnen hol,
Ben ik toch Akkrums grootste bol”.*

En it oare:

*“Al ben ik van binnen niet gevuld,
Van buiten ben ik door M.Bakker verguld”.*

En ek noch :

*“17 juli 1882 kwam de haan
boven op mij te staan,
Dat heeft Jan Sjoukes Hidma gedaan”.*



Nijskijrrich is dat earne om de oarlochsjierrren hinne yn de bol noch “rotmoffen” skreaun is. Wa 't dat dien hat, sil wol altyd in fraach bliuwe.



Mei tank oan “Akkrum Ald en Nij” / Merten Bakker† / Jan Calsbeek / Anne Dykstra / Tresoar

2020 foto's Kees de Boer



Mei de restauraasje yn 2020 hat de Monumentenstichting Boarnsterhim besletten om yn dat bisûndere jier ek wer in rigeltsje yn de bol sette te litten.

Maitiid 2020

*“Troch it koronafirus is de hiele wrâld oerstjoer,
Yn dy dagen komme der nije laaien op de toer.”*

2020 foto Klaes Posthuma



Op 12 augustus 2020 wie de restauraasje klear en binne de hoanne en de bol wer op 'e toer setten.

2020 foto Kees de Boer